

Nummer: 176 LV

Datum: 30 november 2021

Meer inzet op voorkomen aanrijding met damherten

Er is meer onderzoek nodig naar maatregelen die aanrijdingen met damherten bij Katlijk-Oranjewoud kunnen voorkomen. Dat geeft de bezwarencommissie aan naar aanleiding van bezwaren die binnenkwamen op de opdracht aan de Faunabeheereenheid (FBE) voor het beheer van damherten in dat gebied. Daarom kijkt de provincie Fryslân de komende tijd hoe dat opgepakt kan worden.

Tegen de opdracht aan de FBE zijn vierentwintig bezwaren ingediend. Na de behandeling van die bezwaren adviseert de bezwarencommissie de opdracht deels in te trekken. Als reden geeft de commissie dat, voordat damherten geschoten mogen worden, er eerst beter onderzocht moet worden of met preventieve maatregelen - met name op het vlak van aanpassingen op en rondom de weg - het aantal aanrijdingen teruggedrongen kan worden. Ook moet het verband tussen de toename van het aantal damherten en het aantal aanrijdingen in het gebied beter worden aangegeven. De provincie volgt dit advies op en trekt de opdracht deels in. De opdracht blijft in stand als het gaat om afschot van zieke dieren om onnodig lijden te voorkomen.

Gedeputeerde Klaas Fokkinga: *“Der rint in grutte keppel deimen by Katlik – Oranjewâld dy’t de ôfrûne jierren hieltyd groeid is. Yn kombinaasje mei it tal oanridingen, de mooglike ympakt fan in oanriding en de fêststelde útgongspunten yn ús ‘Beleidsnotitie beskerming en beheer damhert in Fryslân’, is de provinsje yn july ta de konklúzje kaam dat der needsaak wie om oer te gean op beheer fan de populaasje deimen yn dat gebiet. Wy hawwe doe besluten in opdracht ôf te jaan. Dêr binne wy fuortfarrend yn west, mar dat is omdat wy de feiligens o sa wichtich fine. Wy wolle foarkomme dat der mear ûngemakken plakfine. Foar minsken, mar ek foar de bisten. En dêr foarsjogge wy grutte problemen as wy de populaasje noch lang trochgroeie litte.”*

Aanvullend onderzoek

De opdracht is in juli 2021 verstrekt vanuit het oogpunt van verkeersveiligheid. De provincie gaat, in afstemming met de FBE en andere partijen in het gebied nader onderzoeken welke preventieve maatregelen nog kunnen bijdragen aan het voorkomen van aanrijdingen en gevaarlijke situaties in het gebied. *“De ûndersiken wize út dat wy in eksponinsjele groei ferwachtsje kinne by dizze keppel deimen. Ik bin bliid dat de beswierskriftekommisje dat ek ûnderskriuwt, want dêr sit foar ús ek it grutste punt fan soarch. Ekstra previnsjemaatregels kinne helpe by it foarkommen fan ûngemakken, mar de keppel groeit wol troch. It is beslist net ús bedoeling om alle deimen dêr wei te heljen, mar as der mear bykomme nimt ek de kâns op gefaarlike situaasjes ta. Dat betsjut dat wy faaks yn de takomst grutskaliger yngripe moatte. En dat foarkomme wy fansels it leafst”,* zegt gedeputeerde Fokkinga.

Nûmer: 176 LV

Datum: 30 novimber 2021

Mear ynset op foarkommen oanriding mei deimen

Der is mear ûndersyk nedich nei maatregels dy't oanridingen mei deimen by Ketlik-Oranjewâld foarkomme kinne. Dat jout de beswierekommisje oan nei oanlieding fan beswieren dy't binnenkamen op de opdracht oan de Faunabeheereenheid (FBE) foar it behear fan deimen yn dat gebiet. Dêrom sjocht de provinsje Fryslân de kommende tiid hoe't dat oppakt wurde kin.

Tsjin de opdracht oan de FBE binne fjouwerentweintich beswieren yntsjinne. Nei de behanneling fan dy beswieren advisearret de beswierekommisje om de opdracht diels yn te lûken. As reden jout de komisje dat, foardat deimen sketten wurde mei, der earst better ûndersocht wurde moat of mei previntive maatregels - benammen op it mêd fan oanpassingen op en om de dyk - it tal oanridings tebekkrongen wurde kin. Ek moat it ferbân tusken de taname fan it tal deimen en it tal oanridings yn it gebiet better oanjûn wurde. De provinsje folget dit advys op en lûkt de opdracht diels yn. De opdracht bliuwt yn stân as it giet om ôfskot fan sike bisten om ûnnedich lijen foar te kommen.

Deputearre Klaas Fokkinga: *“Der rint in grutte keppel deimen by Ketlik–Oranjewâld dy ’t de ôfrûne jierren hieltyd groeid is. Yn kombinaasje mei it tal oanridingen, de mooglike ympakt fan in oanriding en de fêststelde útgongspunten yn ús ‘Beleidsnotitie beskerming en behear damhert in Fryslân’, is de provinsje yn july ta de konklúzje kaam dat der needsaak wie om oer te gean op behear fan de populaasje deimen yn dat gebiet. Wy hawwe besletten om yn opdracht ôf te jaan. Dêr binne wy fuortfarrend yn west, mar dat is om't wy de feiligens o sa wichtich fine. Wy wolle foarkomme dat der mear ûngemakken plakfine. Foar minsken, mar ek foar de bisten. En dêr foarsjogge wy grutte problemen as wy de populaasje noch lang trochgroeie litte.”*

Oanfoljend ûndersyk

De opdracht is yn july 2021 jûn út it eachpunt fan ferkearsfeiligens ferstrekt. De provinsje sil, yn ôfstimming mei de FBE en oare partijen yn it gebiet neier ûndersykje hokker previntive maatregels noch bydrage kinne oan it foarkommen fan oanridingen en gefaarlike situaasjes yn it gebiet. *“De ûndersiken wize út dat wy in eksponinsjele groei ferwachtsje kinne by dizze keppel deimen. Ik bin bliid dat de beswierskriftekommisje dat ek ûnderskriuwt, want dêr sit foar ús ek it grutste punt fan soarch. Ekstra previnsjemaatregels kinne helpe by it foarkommen fan ûngemakken, mar de keppel groeit wol troch. It is perfoarst net ús bedoeling om alle deimen dêr wei te heljen, mar as der mear bykomme nimt ek de kâns op gefaarlike situaasjes ta. Dat betsjut dat wy mooglik yn de takomst grutskaliger yngripe moatte. En dat foarkomme wy fansels it leafst”,* seit deputearre Fokkinga.